

## Jierlikse appelaksje Lemster Manljuskoar

Ôfrûne wike binne de leden fan it Lemster Manljuskoar wer manmachtich troch de Súd-Westhoeke op stap west as sutelders mei moaie Elstar-appels.

It distribúsjesintrum wie fanút de hal fan Firma Toering op 'e Lemmer wer't ek de kommende en geande man/frou genietsje koe fan de snert mei brea en spek dy't klear makke waard troch Petra, de frou fan Willem Toering.

Trochstrings ha de sutelders it mei it waar wol troffen; Gjin froast of hurde wyn en ús ponghâlder kin wer in moai dofke Euros byskroeie op 'e bankrekken fan it Lemster Manljuskoar!!!!

Fanôf dit plak wurde alle stipers en keapers tanksein foar it keapjen fan ús moaie Elstar appels.

